

**FRYSLAN-A EKSAMEN**  
**28 jannewaris 2017**

**I Tiidwurden**

**(30 min.)**

*Op dit ûnderdiel kinne mei-inoar 70 punten helle wurde.*

*A. Set de tiidwurden dy't tusken heakjes steane yn 'e **notiid**. Skriuw ûnder inoar **allinnich** it nûmer mei de goede foarm fan it tiidwurd op. Mei-inoar 14 punten.*

1. (Meie) do ek graach ljirre mei aai?
2. (Sille) hy ek nochris wat dwaan?
3. (Helje) jo aanst efkes ús bern op?
4. (Krije) jimme it guod fan 'e tafel?
5. Dat famke (rinne) der altiten sa sleau hinne.
6. Do (moatte) better toskpoetse.
7. Ik (wolle) der moarn betiid ôf.
8. Ik (hoopje) dat it in rêstige nacht (wurde).
9. Hy (stean) al in oere klear.
10. Ik (leauwe) dat it hjir (wêze).
11. Jimme (hawwe) it hjir mar kreas.
12. Do (kinne) it him wol fertelle.

*B. Set de tiidwurden dy't tusken heakjes steane yn 'e **doetiid**. Skriuw ûnder inoar **allinnich** it nûmer mei de goede foarm fan it tiidwurd op. Mei-inoar 14 punten.*

1. Hy (kenne) har net mear.
2. Wy (sitte) sa noflik op it bankje.
3. Do (sjen) nuver om dy hinne, doe't dyn fyts der net mear (stean).
4. It (lykje) allegearre sa moai.
5. Wy (komme) fansels wer fierstente let.
6. Hy (jaan) har samar in klap.
7. Ik (witte) it paad werom net mear.
8. Hy (gean) net sa let nei hûs.
9. (Wolle) jimme ek in nije bank?
10. Hy (hawwe) in bêste bult op 'e holle.
11. Hoe (sille) do dat dwaan?
12. Ik (hoopje) dat de doar net ticht (wêze).

*C. Skriuw it **mulwurd** op fan de tiidwurden dy't tusken heakjes steane. Skriuw ûnder inoar **allinnich** it nûmer mei de goede foarm fan it mulwurd op. Mei-inoar 14 punten.*

1. Hasto in heale bôle by de bakker (helje)?
2. Wa hat de boat op de wâl (lûke)?

3. Hy hat him krekt (waskje).
4. Us bern hawwe yn Boalsert op skoalle (sitte).
5. Wa hat dy taart (bakke)?
6. De bern hawwe kastanjes (sammelje).
7. Sy hat dêr hjoed net (wêze).
8. Hoe hast dat no wer (hawwe)?
9. Ik haw de klok fan ús beppe (krije).
10. Buorman hat ús bal wer (fine).
11. Wy hawwe de wedstriid (ferlieze).
12. Wa hat hjir sa'n grutte kûle (meitsje)?
13. Hy is de hiele dei by harren (bliuwe).
14. Us hûn is juster (stjerre).

*D. Set de Nederlânske tiidwurdsfoarms dy't tusken heakjes steane yn de goede Fryske foarm en tiid. Foarbyld: Hy hat der lang oan (gewerkt): Hy hat der lang oan wurke. Skriuw ûnder inoar **allinnich** it nûmer mei de goede Fryske foarm fan it tiidwurd op. Mei-inoar 6 punten.*

1. (Willen; notiid) do my efkes ophelje?
2. Do (zullen; notiid) ris mei him prate moatte.
3. Dy hûn (bijten; doetiid) him yn 'e broek.
4. De bern (spelen; doetiid) fuortdaliks mei-inoar yn 'e sânbak.
5. It measte iten (bederven; notiid) earder bûten de kuolkast.
6. Hy (durven; doetiid) net yn in fleantúch.

*E. Meitsje de sinnen op in goede wize ôf. Dêrby moatte de twa of trije tiidwurden dy't tusken heakjes steane, brûkt wurde. Set dy tiidwurden yn de troch jo ôfmakke sin yn de goede **foarm** en de goede **folchoarder**. Mei-inoar 12 punten.*

*Mei twa tiidwurden ôfmeitsje:*

1. Soe ik dat wol (meie, dwaan)?
2. De nêsten meie net stikken (meane, wurde).
3. Ik sjoch dat de oannimmer dêr in nije dyk (hawwe, oanlizze).

*Mei trije tiidwurden ôfmeitsje:*

4. Ik hoopje dat de hûn dêr (bliuwe, wolle, stean).
5. Ik soe de doar dochs iepen (moatte, kinne, krije).

*F. Set de neikommende sinnen, benammen wat de tiidwurden oanbelanget, sa goed mooglik oer. Mei-inoar 10 punten.*

1. Dat schilderij kan niet boven de bank blijven hangen.
2. Wist jij dat hij in Groningen heeft gewoond?
3. Ik had niet verwacht dat hij dronken zou zijn.
4. Ik denk dat Piet wel zal willen fietsen.
5. Mag ik mijn tas even bij jullie laten staan?